



BELGYSKE RÔLETTE

(Belgische Roulette)

Komyske Thriller yn Fjouwer bedriuwen

Fan

MARY BAKKER-SCHOON

Foar it Frysk oerset troch

Lammert Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BELGYSKE RULETTE - BELGISCHE ROULETTE** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties, Facebook en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **M. BAKKER-SCHOON** en vertaler **Lammert Dijkstra** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% boete worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% boete verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Hillegonda Ligthart - 80-jierrige

Jasper - de húsfeint

Stina - de keukenfaam

Bert - neef fan Hillegonda

Marijke - Berts frou

Jan-Willem - neef fan Hillegonda

Bea - frou fan Jan Willem

Wouter - de túnman

Dokter Gerald - de âlde dokter

Carola Hogenkamp - sus fan Hillegonda (*bytsje eksintryk*)

DEKOR:

It stik spilet him ôf yn 'e húskeamer fan Hillegonda. Yn 'e efterkant links is de doar nei de keuken en de hal. Yn de linkerkant de doar nei de ytkeamer. Yn 'e efterkant wat mear nei rjochts binne tún-doarren dy't útsjogge op in tún. Rjochtsefter is de trep nei boppen. (*ferdwynt efter dekor*) Twa of trije triemmen binne genôch om it idee te jaan nei boppen te gean. Yn 'e keamer stiet in fauteuil mei in rûn taffeltsje dernjonken. Dit is it plak fan Hillegonda. Mear nei rjochts is in bank mei dêrfoar in salontaffeltsje. Skean rjochts foar-oan stiet noch in stoel. Hjir en dêr steane planten yn prachtige potten. De muorren binne foarsjoen fan in deftich behang en in pear antike skilderijen. De keamer strielt rêst en foarnamens út. It is midden yn 'e winter.

EARSTE BEDRIUW

(Hillegonda sit yn har stoel en lêst in boek. De húsfeint komt op)

JASPER: Asjebleaft mefrou. *(oerlanget har in slúf. hy stiet in bytsje ûngemaklik te draaien. kichje)* Ik fûn it mar in sjenante fertoaning dat de bank jo skille mei de fraach oft se my yn 'e klûs litte woene, wylst ik dochs in ûndertekene folmacht oerlangje koe en in part fan de kaai by my hie.

HILLEGONDA: Dy minsken dogge gewoan harren wurk, Jasper. do kinst tsjintwurdich net sekuer genôch wêze. Boppedat giet it om tige wichtige papieren en ik tink dat ik krekt itselde dien hawwe soe as ik yn harren skuon stie.

JASPER: *(suchtet)* Jo sille wol gelyk hawwe. Mar as we elkoar hielendal net mear fertrouwe kinne, wêr bliuwe we dan?

HILLEGONDA: *(swaait fleurich mei de slúf)* Wat sille myn neven hjirfan opsjen!

JASPER: *(sjocht sunich)* Dat tink ik ek, ja. *(foar him út nei publyk ta)* As gieren komme se op it jild ôf. Hawar, it binne myn saken net. Ik gean mar fierder mei myn beuzichheden. *(ôf)*

HILLEGONDA: *(stiet mei papieren yn 'e hannen en sjocht yn 'e slúf)* It is ek wol in hiel protte jild. Santichtûzen euro oan oandielen. Sy krije elk earlik de helte. *(der wurdt kloppe)* In amerijke! *(fluch sjocht se om har hinne. om't se by it kastke is, dêr't de Delftsk blauwe faas op stiet, stoppet se de papieren mar yn 'e faas, leafst mei deksel, strykt har klean glêd en ropt)* Kom der mar yn! *(Jasper komt op)* O, bisto it. Wiest wat fergeffen?

JASPER: Stina lit witte oft se tachtich kearskes op 'e taart sette moat of dat se him mar gewoan fol spuitsje moat mei slachrjemme? Mar jo kenne Stina, it sil wol wer in griemerij wurde. *(rôlet mei de eagen)*

HILLEGONDA: Griemerij, Jasper?

JASPER: Stina! *(hannen omheech)*

HILLEGONDA: *(laket fyntsjes)* Myn neven witte presys hoe âld ik wurd. Dat, gjin kearsen asjebleaft. Ik kin net goed mear blaze, myn gebit sit net al te fêst. Boppedat, as dy kearsen begjinne te drippen, is de taart fuort bedoarn.

JASPER: Begrepen mefrou, it wurdt de slachrjemmespuit *(ôf)*

HILLEGONDA: *(rint nei in oare kast en hellet dêr in sieradekistke út, iepenet dat en hellet der in pear brosjes en keatlings út)* Wat hat myn leave Jakob my dochs altiten bedoarn mei de jierren. Hjir sit foar tûzenen euro's oan juwielen yn en ik draach se komselden. Hawar, dy sil ik ferdiele ûnder de dames. Lykas myn Jacob altiten

sei: “Better skinke mei in waarme hân as mei in kâlde”. Mar wannear sil ik se jaan? Nei ôfrin fan it diner wannear’t we noch efkes neitafelje? Ja, dat liket my wol in gaadlik momint. Se meie om bar wat kieze. *(set it kistke werom yn ‘e kast. der wurdt kloppe. giet fluch sitten)* Kom der mar yn!

JASPER: Nim my net kwea ôf, mefrou, mar hjir bin ik alwer. Dat pakje is krekt besoarge. *(hy oerlanget har in prachtich ynpakt kadootsje)* Ik tink foar jo jierdei. *(Hillegonda sjocht nuver op. Jasper sjocht nijsgjirrich ta hoe’t se it útpakt. it is in doaze Belgyske bonbons)*

HILLEGONDA: Sjoch ris oan! Wat hearlik! Oan wa soe ik dat dan te tankjen hawwe, Jasper? *(se draait de doaze om en om en siket nei in ôfstjoerder yn de ferpakking)* Nuver, der sit gjin kaartsje by en der stiet gjin ôfstjoerder op.

JASPER: Dat haw ik ek opmurken, mefrou. Hiel apart.

HILLEGONDA: Hast gjin idee, Jasper?

JASPER: Nee, wier net, mefrou. Mar se sille der net minder om smeitsje, tinke jo ek net?

HILLEGONDA: *(suchtet)* It is allegear fierstente lekker. En ik moat noch wol sa om myn lijn tinke.

JASPER: Mefrou sjocht der noch fantastysk út foar jo jierren.

HILLEGONDA: *(drôget oerlûd)* Nei alle gedachten is ien fan myn gasten behindere en litte se it my op dizze wize witte. We sille wol merke wa’t der fan ‘e middei net opsetten komt.

JASPER: Dan gean ik no wer fierder oan ’t wurk.

HILLEGONDA: En wat wiest oan ’t dwaan, Jasper?

JASPER: Rekkens kontrolearje, mefrou. Wy kinne tsjintwurdich net soarchfâldich genôch wêze.

HILLEGONDA: Dêr hast gelyk oan. Sis Jasper, wolsto de túnman nei my tastjoere?

JASPER: *(draait mei in swier om)* Hy is al ûnderweis, mefrou. *(Hillegonda iepenet de doaze bonbons, rûkt deroan, pakt der ien út mar as se de bonbon yn ‘e mûle stekke wol, betinkt se har. wisberet leit se de bonbon werom yn ‘e doaze)*

HILLEGONDA: Dyn lijn Hillegonda, tink oan dyn lijn. *(rint wat hinne en wer en besjocht harsels yn in rút. strykt efkes oer har heupen en suchtet)* En dat falt net ta, benammen net op sa’n dei as hjoed! *(der wurdt kloppe, Wouter komt deryn)* Goeie, Wouter.

WOUTER: *(fûstket mei har)* Fan herten lokwinske mei jo jierdei, mefrou. Tachtich is in respektabele âlderdom. Mar ik hoopje dat jo noch in protte jierren yn goede sûnens slite meie. Jo woene my te wurd?

HILLEGONDA: Tank foar de lokwinsken, Wouter. Ja, ik haw dy roppe litten om't ik hjir, (*wiist*) op it taffeltsje njonken my, in prachtich moai boeket blommen hawwe wol. In rûker út eigen tún sil net gean sa midden yn 'e winter, mar de blommewinkel op 't doarp hat grif ek wol wat moais te keap.

WOUTER: Dat sil fêst slagje, mefrou. Hiene jo in spesjale kleur yn 'e holle?

HILLEGONDA: Wat mei rôze en pears? Ach, it makket ek neat út, sjoch mar wat yn foarrie is. (*mei in djippe sucht*) Ja Wouter, tachtich jier en it is omflein. Is it my oan te sjen?

WOUTER: Jo binne in blom dy't nea ferwylket.

HILLEGONDA: (*slacht optein de hannen yninoar*) Wat poëtysk! Tankjewol, Wouter, mar do kinst goed lige.

WOUTER: Tachtich is prachtich, mefrou!

HILLEGONDA: Ja, sa kin 't wol wer. Ik haw dy al útnûge foar it diner, mar ik soe it ek hiel aardich fine ast fan 'e middei by de buorrel wêze wolst. Myn nichten en neven sille dat sûnder mis op priis stelle

WOUTER: (*koarte bûging*) In hiele ear, mefrou. Dat slaan ik net ôf. Ik sil no fuortendaliks foar de blommen soargje. (*ôf*)

JASPER: (*op*) Nim my net kwea, mefrou, mar ik moat jo nochris steure. (*hat in slúf yn 'e hannen dy't er om en om draait*) Opmerklik, opmerklik. Ik ûntduts krekt dat dy slúf ûnder de doar troch skood is. En it meast opmerklike is dat ik nimmen it paad opkommen sjoen haw en de hûn sloech ek net oan.

HILLEGONDA: (*pakt de slúf oan*) Under de doar trochskood? Hoe kin dat no? (*makket de slúf iepen en lêst it briefke dúdlik foar*) Yt net fan de bonbons! Ien derfan is deadlik! (*skrokken sjocht se Jasper oan en grypt nei har kiel*)

JASPER: (*set grutte eagen op en wurdt kjel. springt efter syn mefrou en docht de Heimlich greep*) Mefrou hat al ien nommen?!

HILLEGONDA: Jasper, hâld op! (*lûkt klean rjocht en stoppet de brief yn 'e bûse*) Ik haw neat naam, mar it skeelde net folle.

JASPER: Wat binne dat foar nare praktiken? Wa soe jo no fergiftige wolle?

HILLEGONDA: (*noch folslein feralterearre*) Dêr seist my wat. Wa soe my nei gychem helpe wolle? Dejinge fan wa't ik de bonbons krigen haw, fansels. En de persoan wa't dit briefke skreaun hat (*kloppet op har bûse*) besiket dat foar te kommen.

JASPER: Ien fan jo famyljeleden?

HILLEGONDA: (*sjocht Jasper strak oan*) Dat bestiet net! Immen fan it personiel...?

JASPER: (*wis*) Dat leau ik dan wer net.

HILLEGONDA: Hat immen him ôfmeld foar fan 'e middei, Jasper?

JASPER: Net ien, mefrou.

HILLEGONDA: Dus myn beide neven komme mei harren froulju. Ik kin myn hast net yntinke dat dy hjir wat mei te meitsjen hawwe... it binne sokke skatten... En dochs hat ien my dy bonbons jûn mei de yntinsje... Mar ik sil der efter komme! (*resolút*) Witst wat, Jasper? Presintearje aanst, as elkenien der is, in bonbon by de tee. Wa't net doart te nimmen, is de dieder.

JASPER: Gjinn goed plan, mefrou. Want wa't wol nimt kin in deadlik slachtoffer wurde. Jo rinne it risiko ien te fergiftigjen en de rest fan jo libben efter de traaljes te fertutearzjen. Dat soe pas in tryste âlde dei wurde.

HILLEGONDA: Dêr hast in punt, Jasper. Ik moat noch mar ris goed neitinke hoe't ik hjirmei rêde sil.

JASPER: (*sjocht op syn kettinghorloazje*) Jo hawwe noch in pear oeren de tiid foar't de gasten arrivearje. Jou my dy doaze bonbons ris. (*hy nimt der ien foar ien ien út en besjocht dy seker*) Neat te sjen. Hoe dochst soks? Dompelest in bonbon yn it gif of spuitest der mei in reachfyn nuddeltsje fergif yn? Yn dat lêste gefal soe der in gatsje te finen wêze moatte.

HILLEGONDA: (*sjocht Jasper nuver oan*) Harre krammele! Do bist in yslik mantsje, Jasper. Wat in luguber idee! Nim dy sûkelade mei en ûndersykje dy stik foar stik hiel seker. Witst wat? Lit Hector deroan snuffelje. Bisten rûke ûnried earder as wy.

JASPER: Briljant! Dat is no in goed plan! Dat sil ik grif probearje.

HILLEGONDA: (*gearspannend*) Sadree'tst wat ûntdekt, moatst it my fertelle. En Jasper, mûltsje ticht, ek tsjin Wouter en Stina!

JASPER: (*lyksa op in gearspannerich toantsje*) Ik sil myn uterste bêst dwaan, mefrou. Wy sille behinderje dat der aanst deaden falle op dizze heuchlike dei!

HILLEGONDA: En dochs fyn ik it in ôfgryslík idee, Jasper, dat immen my fermoardzje wol en noch wol op myn jierdei nota bene! Ik kin it amper leauwe dat ien sa it mier oan my hat. Hasto in hekel oan my, Jasper?

JASPER: In gloeiende hekel, mefrou!

HILLEGONDA: (*glimket*) Tankjewol, Jasper. (*Jasper ôf*)

STINA: (*op*) Mefrou, ik soe graach it menu mei jo trochnimme wolle. Ik haw 3 gongen gearstald, mar as jo mear gongen hawwe wolle, kin dat ek. Moat ik noch rekken hâlde mei ien of oar dieet?

HILLEGONDA: Stina, neffens myn witten mei elkenien alles ite. Yn ús famylje komt gjinn glute-, nute- of sûkeryntolerânsje foar. En

meitsje dy net drok oer dat diner. Trije gongen is genôch. It foarnaamste is dat we in smûke gearsit hawwe. Myn neven hechtsje dochs mear wearde oan in goede buorrel as oan in board waarm iten. No, lit mar ris sjen watst op 'e list stean hast.

STINA: *(se bûge harren tegearre oer it menu)* Ik wol ûnder de buorrel in amuse fan in rikke salm servearje. As foargesetsje haw ik in carpaccio fan in pleatslik kobist, streekprodukten dogge it altyd goed, en dêrby slaad mei in dressing fan eigen kreaasje. *(grutsk)* Och sa bysûnder fan smaak, al sis ik it sels. Dan as haadgerjocht in hazzebyfstik, ek fan it pleatslik kobist, mei sjampinjons yn in rjemmige saus. Bakte earpeltsjes, wytlof mei ham, tsiis en...

JASPER: *(op)* Ahum. *(se sjogge op)* De dokter is der, mefrou. *(ôf. de dokter, in korpulint man, komt op. hy draacht in hokkerich pak, in pet mei rútsjes op 'e holle en in bril mei sjempotglêzen. hy rint Jasper foarby en set op Hillegonda ôf)*

DOKTER: *(mei in hoflike swaai docht er de pet ôf en bûgt djip foar Hillegonda. dan tutet er begearich har hân en tutet troch op har earm nei boppen oant har hals)* Leave, leave freondinne, mei ik dy fan herten lokwinskje mei dyn jierdei? Ik haw wat lekkers foar dy meibrocht. *(oerlanget har in flesse wyn)*

HILLEGONDA: *(hellet de wyn út de ferpakking)* Ach, Gerald, dat hiest no net dwaan moatten! *(besjocht etiket)* Soa, dat moat dy in kapitaal koste hawwe.. Mar we meitsje him tegearre soldaat, dat sis ik dy ta!

DOKTER: Dêr hope ik al op. *(laket sjarmant, dan jout er Stina in hân en drukt der in tút op)* Stina, keninginne fan de keuken, prinses fan it fornús, hearsker fan potten en pannen, ek do fan herten lokwinske mei dyn bazinne.

STINA: *(faget stikem har hân ôf)* Tankewol, dokter.

HILLEGONDA: *(tsjin de húshâldster)* Stina, ik bin der wis fan dat it in prima diner wurde sil. Do siedst al jierren de hearlikste gerjochten foar my.

STINA: *(tige flaaike mei it komplimint)* Tankewol, mefrou, it komt yndied hielendal ynoarder. Jo wurde mar ien kear tachtich, is 't net? En dat sille se witte! *(ôf)*

HILLEGONDA: *(mompeljend en tinkt oan de doaze bonbons)* lenentachtich, dat is no de keunst! *(de dokter en Hillegonda geane sitten. se sjogge inoar in bytsje bleu oan. de dokter wit dizze kear net goed ried mei syn hâlding. ynienen giet er op 'e knibbels foar Hillegonda. it giet stiif en ûnbehelperich, hy rôlet ek mear om as dat er knibbelet, mar dan nimt er har hân en tutet dy wyld)*

DOKTER: Hiltsje, strieljend byldsje fan my, alderleafste ingel, silsto my hjoed einlings ris lokkich meitsje? Silsto my dyn ja-wurd jaan?

HILLEGONDA: Hé, moatte wy it dêr hjoer oer hawwe, Gerald?

DOKTER: Krekt hjoed Hiltsje! Dizze dei is in grut momint, leafste! Narje my net langer en sis datst mines wurdst. Ik longerje al salang nei dy! Ik stean te skraabjen op dyn strjitsje, te krabbeljen oan dyn doar en ik lis te hymjen op dyn doarmatte. Myn libben is sinleas sûnder sy. Ik kin noch mar oan ien ding tinke en dat is dy gouden ring oan dyn finger skowe en dy mines neamme!

HILLEGONDA: *(koel, kloppet him gerêststellend op syn hân)* Oerdriuwst no net in bytsje? Kom, kom, stel dy net sa oan en gean wer sitten. Ek al krabbelest noch sa hurd oan myn doar en himest oantst hyperfentilearrest, it bliuwt nee!

DOKTER: *(kreunt)* Hillegonda, do witst net watst my ondochst! Myn dagen binne iensum en tryst sûnder dy. Der giet gjin minút foarby dat ik net oan dy tink. Gjin nacht dat ik net fan dy dream.

HILLEGONDA: It komt troch de winter, leave man. Dan wurde de measte minsken depressyf. Gean der op út, nim in hûn!

DOKTER: *(komt foeterjend oerein en giet misledige sitten)* Minske, wat moat ik mei in hûn! *(smachtsjend)* Ik wol dy!

HILLEGONDA: Hoe faak haw ik dy al net sein, dat ik der net mear oan begjin. Op myn jierren is it risiko te grut. Sa'n aventoer kin ik net mear oan. Ik haw myn libben mei Jacob hân, dat wie goed en genôch. Ik bin tachtich, Ik wol myn leste dagen yn alle rêst slite!

DOKTER: Do kinst wol hûndert wurde! Bist sa sûn as in fisk! Mar ast twivelest, dan wol ik dy mei alle leafde ris yngeand ûndersykje. *(giet stean, lûkt har omheech en nimt har in 3 stappen mei)* Kom, gean ris mei nei de sliepkeamer.

HILLEGONDA: *(skuort har los en giet fluch wer sitten)* Doch net sa bespotlik! Ik wol hielendal net ûndersocht wurde. *(suchtet)* Ik sil earlik tsjin dy wêze, Gerald. Ik fyn it fierstente nuodlik om mei dy in relaasje oan te gean.

DOKTER: *(net begripend)* te nuodlik! Wêr slacht dat op?

HILLEGONDA: Datsto al fjouwer kear troud west hast. Al dyn frouwen lizze it it binnen it jier, of krekt justjes langer, ôf. Ik haw gjin idee hoe't dat komt en ik wol it ek hielendal net witte, mar ik slút my leaver net oan by dat rychje. Sa, no witst krekt hoe't ik deroer tink en no sille we 't der fierders net mear oer hawwe. Ik sil Jasper kofje bringe litte. *(Hillegonda skillet en de dokter sit te stúmjen)*

JASPER: *(op)* Ik haw noch neat fine kind, mefrou. Jo jouwe my mar in bytsje tiid.

HILLEGONDA: Dêr giet it net oer, Jasper. Ik wol graach kofje drinke mei de dokter.

DOKTER: Siket er earne om?

HILLEGONDA: *(betinkt fluch in ferlechje)* De antike sulveren gebaksfoarkjes binne net te finen. As Jasper se net fynt, moatte we de taart mei de hannen ite.

DOKTER: Brûk dan teeleppeeltsjes, dat diene wy eartiids ek.

HILLEGONDA: Goed plan! *(tsjin Jasper)* Hearst 't Jasper, we brûke de teeleppeeltsjes.

JASPER: Dêr haw' we genôch fan, mefrou! *(synysk)* As wy de dokter dochs net hiene! *(ôf)*

DOKTER: Is dyn persoanlik wol te fertrouwen, Hillie?

HILLEGONDA: *(lûkt oan 'e skouders)* Dat witst mar nea.

DOKTER: Ik fyn dy Jasper mar in nuver printeboek. In bytsje stikem. Ik wit, ûnder ús sein, nea wat ik oan him haw. Ik haw him noch nea fertroud. It is krekt oft dy man wat yn syn skild fiert. Sadree't wy troud binne, giet hy linea recta de doar út!

HILLEGONDA: Ik tink datsto dy de dearen útspuitsje litte moast, bêste man. Wy binne net troud en dat sil ek net barre! *(de doarbelle klinkt)*

DOKTER: *(teloarsteld)* Hè?! Krigest no al besite? Ik hie sa graach noch in pear oerkes allinnich mei dy tútsjeboartsje wold.

HILLEGONDA: Ik bin dyn toarteldoke net! Ik haw gjin noasje wa't dat is, ik ferwachtsje de famylje pas fan 'e middei. *(de dokter komt fluch oerein en rint nei it finster fan de túndoarren en gluorket)*

DOKTER: Hè bah, it is wol dyn famylje en noch wol dy poehamakker!

JASPER: *(op)* Jo neef en syn oare helte binne der, mefrou.

JAN WILLEM: *(op, praat mei in jirpel yn 'e kiel)* Leave, leave muoike, wat sjogge jo der moai út op jo jierdei! En jo sjogge der ek noch hieltiten glânzich út! *('noch hieltiten glânzich' mei klam sizze, sa't hy ek fertocht wurdt)* Gelokkich mar. Lokwinske mei de acht krúskes en dat we noch mar jierren fan jo genietsje meie. *(tutet har)*

BEA: *(lokwinset ek)* Dei, leave muoike. *(tutet har ek. siket yn har tas)* Ik haw wat foar jo meibrocht. *(oerlanget har in pakje)*

HILLEGONDA: *(pakt 't út. it is in Ingelsk porsleinen teekopke)* Oh, prachtich! Hielendal myn smaak! Tankjewol, Bea. Ik sil it sa faak mooglik brûke. Yn dy teeglêzen fan tsjintwurdich bliuwt de tee sa lang hjit, ik ferbaarn my geregeldwei de tonge.

DOKTER: *(springt oerein)* Tútsje derop? *(se sjogge de dokter allegearre nuver oan. dokter sacket werom yn 'e stoel)*

BEA: Ik wit dat jo graach tee meie. En hast hjoed de dei fan dy lekkere smaakjes. As ik teedrink nim ik der altiten in pear bonbons by. Dy sûkelade dy't dan sa hearlik yn 'e mûle sêft wurdt. Ik kin der folslein lyrysk fan wurde. En op jo jierren hoege jo ek net mear om de kilo's te tinken.

HILLEGONDA: (*sjocht har ûndersykjend oan*) No, dan trefst 't. Ik haw krekt in hearlike doaze bonbons krigen oer de post. (*Bea sjocht hielendal útskroeven. Hillegonda tsjin Jasper*) Jasper, trije kofje, in tee en fjouwer stikken taart graach.

DOKTER: mei in leppeltsje.

JAN WILLEM: Hè?!

DOKTER: It personiel is der mei de sulveren gebaksfoarkjes útnaaid.

HILLEGONDA: Gerald! Dat is net grappich!

DOKTER: It wie ek net sa bedoeld, leave.

BEA: Leave?

DOKTER: Dat hearre jo goed, mefrou. Ik sil dizze prachtige blom plôkje. Ik haw har nammentlik krekt frege om mei my te trouwen.

JAN WILLEM: En dan yn omkearde folchoarder grif? Earst trouwe en dan plôkje!

HILLEGONDA: De dokter praat der nuver yn om, ik trou mei gjin ien.

JAN WILLEM: Dat liket my it ferstannichst.

DOKTER: Wêrom soe ik har net mei nei it alter nimme meie?

JAN WILLEM: Op har jierren? Wêr is it jo krekt om te dwaan, dokter?

DOKTER: Wat bedoele jo, jongfeint? (*Jasper op mei kofje en taart en dielt út*)

JAN WILLEM: Wy binne in hechte famylje. Sa'n frjemde yn ús fermidden soe de ûnderlinge bân inkel mar fersteure. (*besjocht de korpulinte dokter*) Boppedat soe ús leave muoike sa'n houlik net mear oan kinne. It bêste mins is tachtich wurden! Ik moat der net oan tinke dat sy... Hawar, wat ik mar sizze wol, se is broazeliger as jo tinke.

DOKTER: (*sjocht him ûndersykjend oan*) Soe ik sels net it bêste witte hoe't Hillegonda der fysyk oan ta is? Wa is hjir úteinliks de dokter?

JAN WILLEM: Ik haw in noas foar minsken lykas jo. Ik hâld fan dy. Ik hâld in protte fan dy. Ik hâld alles fan dy! (*hy makket in graaibeweging mei de hân*)

HILLEGONDA: Kom, kom, hearen, lit ús it gesellich hâlde!

BEA: Der wie foar my tee besteld, Jasper.

JASPER: It wetter stiet te soarjen, mefrou. (*nimt it molkkantsje en freget Jan Willem*) Molke yn 'e kofje, menear?

BEA: Nee, it is in swartkiker. (*de belle giet, Jasper ôf*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto